



PC-winst 2005. Flnr: Jacob Wassenaar, Chris Wassenaar (K) en Rutmer van der Meer. Foto: Keatsmuseum.

De toan wie set, want ek by de haadklassepartijen eksellearre Chris. It like der efkes op, dat er it rekord puntetal yn it jierklassemint helje koe. It stûke lykwols by 80 punten; allinnich Johannes Brandsma en Piet Jetze Faber diene dat in kear better. Hichtepunt fan Chris syn seizoen wie de keningspriis dy't er op de PC takend krige. Dêrfandinne dat ik de PC fan 2005 efkes (sifermjittich) neier besjen wol oangeande de fraach yn hoefier't Chris syn ynbring bepalend wie.

Om wis fan de kransen te wêzen, moatte der fjou-

wer partijen wûn wurde en moatte alle trije keatsers fan it partoer de hiele dei goed yn foarm wêze. No is it 'regel' dat der altyd wol in partij is dêr't it stroef by giet. Dat wie foar Rutmer van der Meer c.s. diskear it duel yn 'e heale finale tsjin Klaas Berkepas, Dirk-Jan van der Woud en Auke van der Graaf. It waard de nijsgjirrichste partij fan de dei. Van der Meer c.s. pakten de winst pas by 5-5 6-2. Chris syn sifers yn dizze partij wiene oan 'e matige kant. Hy helle 7 kearpunten mei in sitbal, sloech 9 ballen bûten en krige net minder as 4 boppeslaggen tsjin. De finale tsjin

Van der Meulen, Sprik en Terpstra foel foar de taskôgers ôf: 5-1. Dêryn koe Chris wol de balâns posityf ôfslute: 5 sitballen en 4 kear in bûtenslach.

Lit ús de sifers fan Chris fan de hiele dei ris oereidzje. Hy sloech as achteryse de hiele dei foarbêst op. Tal opslaggen: 88. Dêrby helle er 29 kear direkte winst: 22 sitballen, 4 kwea út en 3 ballen de keats net foarby. Oan 'e stuit ferlear er 31 slaggen: 24 bûten it perk en 7 boppe. Yn it perk sloech Chris 36 kear út. 12 Kear sloech er boppe en 4 kear giene de punten nei de tsjinstanners troch de bal kwea út te slaan. Om't der op dit mêd amper ferlikingsmateriaal is, is it lestich om Chris syn prestaasje goed op wearde te skatten. It tal missers oan de opslach is foar in toppe oan de royale kant, mar dêr stiet syn direkte winst fansels wer tsjinoer. Wis is dat Chris syn ynbring net ûnderskat wurde mei. Op 'e stuit skoarde er hast ien op ien en it is noch mar de fraach wa fan 'e opslagers yn it moderne keatstiidrek him dat neidwaan kin. Chris syn opslachnivo krige noch mear glâns trochdat er ek efteryse wie. Dat betsjut de swierst mooglike taak by it keatsen. Chris syn siferlist mei op it earste gesicht net spektakulêr lykje, alles byinoar nommen kin net oars konkludearre wurde as dat er op de PC fan 2005 in prestaasje fan formaat delset hat.

Gosse Blom

Sikke Wiersma siet nea 'bij de vrouw in de schaduw'

De earste dei fan it jier 1914 sette goed út ein mei de berte fan Sikke Tjibbes Wiersma. Datselde koe net fan dat hiele jier sein wurde, want yn augustus knalden de kanonnen by it begjin fan de Earste Wrâldkriich. Dat alles lei bûten it gesichtsfjild fan de poppe en ek letter spile him it libben fan Sikke Tj. Wiersma fan Ikkerwâld fier fan it wrâldtoaniel ôf: in libben fan 'Nut en Nocht', arbeidzjen, tipeljen, mollefangen, aaisykjen, reedriden en keatsen en boppe-al fan heit fan syn bern en fan de man dy't al foar de twadde grutte oarloch mei Griet Kooistra yn de lange hier gie. In wâldman mei dy pet ivich en altiten skean op de holle, dy't oant 1994 ta in libben hie fan sport en prinsipes yn tsjinst fan it doarpslibben fan Ikkerwâld.

Hoe goed as Sikke sels foar de oarloch as keatser wie, is net alhiel dúdlik. In twaddeklasser dy't tsjin de earsteklas oan siet, sa gie it ferhaal. 'As er de goede loop hie, kaam de helt fan de ballen wol boppe', sa waard fan him sein. Fêst stiet dat er gauris in pryske wûn op dy mânske doarpspartijen dy't doe op sneontejûn en snein hâlden waarden. Feest, kuorbal en keatsen op pinkstermoandei en dat luts bytiden wol 5000 minsken. Of beskiedener, keatse om in pear sinten op de Hege Hale, It Langlân of de Acht yn Moarmwâld en Ikkerwâld. Hartsje Wâlden en earmoede, stúsjekoarden broeken of pakken oan, mei de pet faak skean op de holle. Wa't net meidie, lei om

it fjild hinne. Fjouwer kear de priis foar Sikke mei ien fan de Dykma's en dat wienen bêste keatsers.

Fierder fan hûs hie er syn earste medalje as 'beste kaatser van de dag' al yn 1934 te pakken op in partij fan kv. Oostergo yn Dokkum. It gie him yn dizze minne tiid foar de wyn as keatser: op 27 septimber 1936 waard op de ferneamde Burmaniapartij yn Ljouwert de preemje wûn mei Dirk E. Bijlstra en Fale Bruinsma. In jier letter nochris in 'cassette', mei earsteklasser Klaas Koldijk en âld-earsteklasser Sape de Haan.

In man fan prinsipes

Dat jier, 1937, wie wichtich foar Sikke, want hy troude doe mei Grietje Kooistra en hja soenen, alhiel neffens de gewoante fan dy tiid, dêrnei as Sikke-Griet troch it libben gean. Syn frou wie kristlik-grifformearde, Sikke sels wie wat lichter fan leauwen: herfoarme. Dochter Jannie: 'Us mem sei doe tsjin ús heit: "Ik gean mei dy nei tsjerke".' En soan Tjibbe wit noch: 'It nuvere wie dat ús mem makliker yn har prinsipes wie as ús heit, wylst ús heit fan de 'lichte' kant wie. Hy wie net maklik foar himsels.'

Sikke Wiersma woe net mear op snein keatse en dat betsjutte út de maten en net it heechste foar de man dy't benammen yn it perk ta syn rjocht kaam. 'Wy mochten net in ijsko op snein keapje', witte de bern noch.

Underwilens wie de húshâlding Wiersma ferhuze nei de Efterwei 42, nei ien fan de arbeiderswenten dy't troch it molkfabryk ferhierd waarden. Sikke gie yn 1939 oan de slach as 'centrifugist' op it fabryk by de tsiismakkerij.

Doe't de oarloch der oan kaam, moast Sikke yn de rin fan 1942 út de wei, ûnderdûke. Fan dy tiid ôf reizgen trije wâldmannen nei Noard-Hollân en letter nei Drinte en Oerisel om te mollefangen. Syn kompanen wienen Gerrit van der Staal en Gosse Frootman, mannen dy't elkoar ek fan it tipeljen en it keatsfjild koenen. Earne oernachtsje, bytiden in dak(je) boppe de holle, mar faker noch 'Stond hij recht bij een boom op' te sliepen, sa't Sikke dat letter ris yn syn eigen Fryske Hollânsk wist te fertellen.

En dat alles om de húshâlding troch de tiid te helpen. Ien kear yn de fjirtjin dagen nei hûs om de mollefeltsjes yn de skerke op te bergjen. Sietse 'Feltsje' fan de Westerein wie de ôfnimmer. In inkele kear wie it in sulveren ryksdaalder dêr't er mei thúskaam en dat wie grut jild, dat ferstoppe waard yn de pendule.

Op in âlde list fan in partij yn Ikkerwâld op Himelfeartsdei 22 maaie 1941 stie ek noch de namme fan Sikke Tjibbes Wiersma. En dat net allinne, tegearre mei Piet Ronner fan Dokkum en Pieter Hoekstra fan Seisbierrum helle er in twadde priis. Net min op in list



Sikke leit it tipeljen út oan de jongerein.

mei nammen as Sjouke Helfrich en Piter Helfrich fan Harns of in Sietse de Groot fan Weidum.

In spesjale maat fan Sikke by it keatsen wie 'grutte' Durk van der Staal. In evenredige opslagger, dy't net folle bûten hie. Sikke koe goed mei him, want skelle op maten wie Durk frjemd. As Sikke yn it perk ris in bal mis sloech, dan kaam Durk even nei de krite en sei: 'Dizze krekt even fierder?' Dat 'fierder' barde ek wol, mei sukses, foaral op twaddeklas- en federaasje-partijen, dêr't geregeldwei in krânse helle waard. Miskien wie Marsum wol 'the finest hour' foar

Sikke Wiersma nei de oarloch. Cees Wiersma, Sikke Wiersma en Durk van der Staal stienen yn de finale tsjin Ternaard, dy't se mei fiif earsten gelyk wûnen. In jubileumpartij fan de Ljouwerter Krante, dêr't alle nûmers ien en twa fan de federaasjes oan meidiene. It wie tafal dat de mannen meidiene, want Sikke en Durk wienen de ferfangers fan Pieter de Haan en Gosse Flootman. Mar der wie ek libben bûten eigen kweapeal en krite. 'Hy hat my alles sjen litten yn de weareld', sa wit soan Tjibbe noch. Ien fan dy dingen wienen de PC's. Fan syn seisde jier ôf derhinne sûnt 1952, mear

as fyftich jier lang, as jonkje sûnder kaart, want hy waard der gewoan tusken skood. Earmoede of gebrek ha de bern fan Sikke Wiersma net kennen. 'Om fjouwer oere moarns op it fabryk, in oere earder, om sa al om trije oere by de molleknipkes lâns te kinnen.' Bargemesten, in grientetún en mollefangen soargen derfoar dat der genôch op de planke kaam.

Drok, drok, drok

De soarch fan Sikke gie fierder: keatsferiening 'Nut en Nocht', de iisbaan, de fûgelwacht om mar wat te neamen, yn syn bêste tiid siet er yn tolve ferskillende doarpsferieningen. Hy waard rûnom bekend: yn 1961 waard him in 'Gelukkig Nieuwjaar' tawinske fan minsken fan 'Boven Knijpe'. 'Fam Sikke Wiersma Kaatser Akkerwoude' wie genôch foar de postrinder.

Eltsenien koe de man dy't de pet allinne by it tanksizzen foar iten efkes rêste liet op de knibbel om him dêrnei oant de bedsâne ta op te hâlden. Alle jonges wisten it hûs fan Sikke-Griet te finen om in keatsbal of in perk. Krânsen, brune tsjettels kofje foar it keatsen, it hûs oan de Efterwei 42 wie it 'zenuwcentrum' en bytiden'een zoete inval'.

'Hy wie in man fan de klok, miskien wol in bytsje wettysk, swart wie swart en wyt wyt. As der in keatspartij wie en as er tsjin ús mem sei fan: "Ik kom om twa oere om de tsjettel kofje, dan wie it ek twa oere en net kertier oer", sa wit soan Tjibbe noch, dy't it faker as ien kear fan tichtby meimakke hie. Dat jildt



Sikke Wiersma simmersk ferklaaid op it busstasjon fan Dokkum.

ek foar de tariedingen op in keatspartij yn Ikkerwâld. De hoepen foar de krânsen kamen fan it tsiisfabryk en dan moast er mei heit om de krânse. 'Hy snede it grien út de hagen wei by minsken, snoeide oeral út tunen wei en dêrnei nei de achterdoar mei de meidieling: "Ha even wat dahlia's foar de krânse meinaam hear." Dêr stie tsjinoer dat er ek geregeldwei afrikaantsjes of blauwe blommen fan eigen tún werombrocht en it wie wol alle gearre kunde fan ús heit hear.'

Bytiden gie it krekt eefkes oars, sa't Willem de Haan noch wit: 'Ik moast in kear yn opdracht fan Sikke de moarns om sân oere al nei de blommetún fan Gerke-Knilleske om blommen foar de krânse en dy kaam doe nei bûten mei de fraach: "Wat sil dit?" Wy gie-nen ek wolris nei Noardburgum om faren te heljen, it tiidstip siet meastentiids tsjin it skimerjen oan.'

It wie wol by deiljocht dat Sikke it doarp ôfgie om 'sponsors' te finen foar it keatsen, mar ek foar oare sporten lykas skeelerjen. Fan fierren seagen de Friesland Bank of Rabobank de skeane pet al foar it rût delgean en dan wisten se wol hoe let as it wie. 'Ik kom net foar mysels', sa wie syn sechje altiten en dat waard faak folge troch: 'Jo kinne wol twa tientsjes misse, tink?'

Schuine pet

En jûns krige Sikke in skjinne bûsdoek mei fan Griet en dan op nei de fergaderingen by Kafee Van der

Weg. Soan Tjibbe: 'Hy sei steefêst in tiid dat er wer thús wie en dat miste dan net. Hy wie altiten goed taret op in fergadering. En nei ôfrin fuort de sealhier ôf rekkenje en faak ien jonkje. Net mear, hy krige it wol oanbean, mar it wie altiten fan: "De direkteur fan it fabryk rekkent moarn wer op my."' "

Dy goede tarieding makke dat er ek op provinsjale fergaderingen altiten wat te sizzen hie. 'De jierlikse reedridersfergaderingen yn Ljouwert waarden doe foarsitten troch de Ankers en by de rûnfraach seagen hja de seal yn om te sjen oft de 'schuine pet' der ek wie en dan notearren sy alfêst de earste fragesteller.'

Allinne Gerrit van der Staal koe miskien better de ljipaaian fine as Sikke. Beide 'grutmachten' kamen net by elkoar yn it lân, sa wie stilswijend de ôfspraak. Gerrit begûn fan de Boarkensleane ôf en Sikke hie de Efterwei as 'basis'. Aaisykjen by min waar, leafst ek noch hagelstiennen derby, want dan kamen de ljippen net fier fan it nêst, sa riddenearre Sikke neffens Willem de Haan, dy't faak mei him it fjild yn west hat.

Jarich van der Veen

'As er sa trochgiet, lizze de klokjes foar him klear', sa sei Sikke Wiersma gauris tsjin heit Jan Jarings van der Veen oer soan Jarich yn in tiid dat de keatser noch trochbrekke moast. De heit fan Jarich van der Veen wurke ek op it molkfabryk en faak hienen beide mannen it oer de keatstakomst fan de soan. Jarich van der Veen mocht doe noch net fan thús op snein keatse,

Alde remedys tsjin alde keatskwalen

Oer stikkene skouders, trochsleine hannen, want, bal én agar-agar.

Generaasjes keatsers hawwe lêst hân fan in trochsleine hân en in stikken skouder. Noch binne beide kwalen net út 'e wrâld, mar hjoeddedei wurde dêr, foaral troch in ferbettere útslachtechnyk respektivelik in bettere want en yn it algemien fansels ek troch mear training en in adekwate foarljochting en begelieding, hiel wat minder spilers troch pleage. Likegoed skriuwe ek yn ús tiid (para-)medisy noch geregeldwei oer beide blessueres.¹ Ik gean hjirre net neier op alderhanne fysiologyske bysûnderheden yn: it is my yn dit artikel te rêden om wat earder oer it ûnderwerp skreaun waard (en dat is dan foaral oer trochsleine hannen). Keatsers hienen oant sawat in ieu lyn gjin wanten, mar die de yllaach yn de hannen dan net syn beskermjend wurk? In opsette hân waard al yn de 18^{de} ieu sinjalearre. Ien fan de âldste, wat langere stikken oer in trochsleine hân én in stikken skouder - fan in skoalmaster! - datearret út 1918.

It giet om in artikel fan Folkert Wiersma² yn it *Kaatsboekje 1918*, 'uitgegeven door den Ned. Kaatsbond' (s. 11-16), ek publisearre yn de *Revue der Sporten*, jrg. 12 (1918), nû. 24. Oer de earste krupsje skriuwt er ûnder mear: 'Enkele spiervezels kunnen scheuren; een pees kan verrekken; een zenuw of wat slappe band in de knel komen en we hebben, wat men noemt, een “verslagen” arm of schouder en hij, wien

dat overkomt, moet, in het gunstigste geval, voor geruimen tijd, vaak voor altijd, afzien van het gebruiken van zijn arm voor den bovenhandschen slag, wat vooral voor een “uitslager” een ramp is.' Wa't fertroud is mei in stikken skouder, wit dat Wiersma gelyk hat. Underhânske útslaan (en uteraard ek opslaan) giet noch wol, mar it beswier dêrfan is fansels dat men minder fier slaan kin. Dat hat earder miskien oars west, doe't keatsers mooglik mear wend wienen oan ek de ûnderhânske technyk. Ik basearje my foar dy opfetting op in meidieling fan de Arumer boer Thomas Bonnema, dy't suggearret dat de boppehânske útslach pas oan de ein fan de 19de ieu syn dominant karakter krigen hat. ³ As Bonnema gelyk hat, sil de kâns op in stikken skouder yn it ferline ek minder grut west hawwe.

As remedy skriuwt Wiersma ûnder mear dit foar: 'Een kaatser moet gedurende het winterhalfjaar door gepaste oefeningen zijn lichaam en vooral zijn arm en schouder lenig houden. Als het zoo tegen het kaatsseizoen loopt [...], beginnen wij voor ons met daarvoor aangeschafte haltertjes allerlei bewegingen en oefeningen te maken [...]. Maakt sla-, stoot-, slingerbewegingen met uw armen in verband met buigen en strekken uwer beenen en romp; verzwaaft die bewegingen met een halter, een hamer, een gedeeltelijk met zand gevulde flesch en doet het geregeld.' (s. 11-13). Dat is in modern oandwaand advys.

Oer in trochsleine hân merkt Wiersma (yn in te lange, knoffelich formulearre sin) op dat dy 'veelal [ontstaat] doordat een snel gedreven bal, misschien door hem niet op het rechte oogenblik te treffen, wat ongelukkig in de hand terecht komt, waardoor aan een vinger of het aan de vingers onmiddellijk grenzende deel van de hand [,] het beenvlies meer of minder wordt beleedigd: de vinger of de hand zet wat op en veroorzaakt pijn, die bij elken verderen slag verergert, zoodat de speler gewoonlijk het best doet, met het spel niet voort te zetten.'

Ek hjirre komt er mei previntive maatregels. Ear't it spul begjint, moat de hân 'door en door warm' wêze, sadat de trochblieding optimaal is. In prima helpmiddel dêrby is neffens Wiersma het 'balverdrijven' (sjoch dêroer myn artikel earne oars yn dit nûmer). 'Er is nog een ander middel, dat trouwens met het vorige kan samengaan. Wij voor ons hebben al jaren en jaren voor gewoonte, in navolging van een beroemd oud-kaatser, in het begin van het seizoen, of bij een lateren kouden dag, een ronden keisteen bij ons te hebben, dien we vóór het spel begint, herhaaldelijk stevig knippen.' (s. 13-15). Ek dêrtroch is de trochblieding better. Ik merk noch op dat Wiersma mei 'een beroemd' oud-kaatser' mooglik wol op Jan Reitsma doelt, dy't fan 1888-1911 spile hat (hy wie dus yn 1918 noch net sa lang lyn ophâlden). Fan him wurdt sein dat er 'altiten' in stientsje yn 'e hân hie.⁴ It gebrûk fan it stientsje is my trouwens ek ûnder in inkelde hjoeddeiske keatser noch wol bekend.

en de man dy't sels nea wer sûnt syn trouwen op snein keatst hat, sei neffens soan Tjibbe geregeldwei tsjin Jan Jarings: 'Silst him frij litte moatte, oars ferdwynt er yn it 'niets'.'

'Hy wie wol de 'ontdekker' fan my', sa jout Jarich van der Veen ta. De opslagger wie syn 'pupil' en Sikke wie yn 1971 en 1974 hast like bliid en grutsk as de 'Man uit de Dokkumer Wouden' sels, doe't er de PC yn dy jierren wûn. Jarich van der Veen: 'Al ûnder de jonges wie er ús begelieder en as it net woe, dan sei er steefêst fan: “Slaan der mar tsjinoan”.'

Ek de 'public relations' fan de keatspartijen yn Ikerwâld wie yn hannen fan Sikke Wiersma. Tjibbe: 'Hy skreau it op sa't er tocht, en dat gie dan nei de *Nieuwe Dockumer Courant* en o wee as de nammen by in foto fan fotograaf Alex Bouma der net goed yn stienen. “Dat flikt my net wer”, krige de man dan letter te hearren.' Sa hie Sikke Wiersma mear útsprutsen mieningen, bygelyks oer KNKB en CFK. Hy hat syn libben lang in 'KNKB-man' west. Yn it ferline ha de minsken wolris tsjin him sein: 'Toe jong, moatst nei de CFK gean, dan winst alles.' En Sikke sei dan hast bibelsk: 'Ik ferleagenje de KNKB net foar in leppel en in foarke.'

Karmaster op boppe of foarline, Sikke Wiersma die it mei nocht, mar ek hjir hie er in dúdlike miening. Sa skreau er yn 1980 nei oanlieding fan in earsteklas-

partij yn Ternaard lulk oer de 'misdragingen' fan de earsteklassers tsjinoer karmasters en oare frijwilligers. 'Zou me kunnen indenken dat ze op een moment zeggen: Het hoeft voor mij niet meer, ga maar bij de vrouw in de schaduw zitten', sa skreau Sikke yn dat jier yn dat prachtige Fryske Hollânsk.

Keningskommisje

De keatsklubs yn de Dongeradielen wisten him wol te finen foar de keningskommisjes. Briefkes yn de bûse en trochtelle nei de ein, sa wie syn wurkwize. Wie er net wis fan de kening, dan in slach om it fjild en stikem op 'e nij telle. En dan nei ôfrin it spul yn hannen fan de foarsitter frommelje, sadat gjinien it seach. Ien kear hat er yn de keningskommisje fan de PC sitten, want Sikke Wiersma koe goed mei PC-foarsitter Ulbe Hannema. Doe't er thúskaam, frege dochter Jannie: 'En, hie heit it goed?' En Sikke grommele: 'Wat oars hie 'k it goed.' Lulk yn 1988 om't de ferkearde yn syn eagen kening waard.

Foar elts in goed wurd by de priisútrikking, dêrby de hân fan de priiswinner al pratende tiden fêsthâlde. Dat wie Sikke Wiersma. Altiten it goede fan de minske sjen wolle, in libbensprinsipe fan dizze man. Op tiid wêze wolle as er mei de soan yn de auto nei in partij gie. Freeds altiten belje, tiid ôfprate, 'want ik wol de earste slach net misse'.

It kaam yn 1990 hurd oan doe't er 'syn' Griet yn juny misse moast. In libben dat wat iensum waard thús. Minsken genôch dy't Sikke noch koenen op it keats-

fjild, it wie steefêst tsjin de soan: 'Kenst dy man wol?' en dan folge in ferhaal oer jiertallen en partijen út it skiere ferline. Ien man koe Sikke allinnich fan hearren en sizzen: de dokter. 'As him ris wat mankearde, dan kôge er om op ien of oare plant út de natuer wei, hy hat leau 'k ien kear 'buikgriep' hân', fertelt dochter Jannie.

Yn novimber 1993 wie it al oars, hy hie lêst fan de kiel, in 'kuchje' dat net oergean woe. Wietreind by it ûnder wetter setten fan de iisbaan. Willem de Haan kaam him tsjin en Sikke sei: 'Dit komt net klear Willem.' Dat kaam it ek net, want op 17 jannewaris 1994 ferstoar Sikke Tj. Wiersma, krekt 80 jier wurden. En Willem de Haan skreau yn febrewaris yn *Wis-In*: 'De dei fan syn begraffenis reinde it sêft...Ik seach in freon oan en wy tochten itselde: ljippewaar Sikke syn waar '

Rynk Bosma